

In goed sin is de bêste pronk 12 juni 2022

It is no sneintejûn, 19 juni, in wike letter. Ik bin lid wurden fan de Gerben Rypma Stifting. Dat sadwaande leit hjir no it blêd Simmerwink foar my. Gelyk tocht ik 'der moat ik wat foar skriuwe'...

It wie in 2010 da't ik in lyts artikel lies yn de Snitser Krante, mei in oankúndiging fan nije aktiviteiten fan de Gerben Rypma Stifting.

Deryn waard ek skreaun oer hûnderten siswizen. Myn belangstelling wie wekt, as komponist bij ik altyd op syk nei teksten. Dat ik socht kontakt en sa hy ik ynienen alle lyts 500 sisiwizen thús.

Earlik sein, ik wie ferbaasd. Wat in skitterende siswizen, sels neamde hy se ek wol siedkerlen.

Myn kar wie doe;

- Wiersizze is better praat as wierprate!
- "Ik wol net" moat wol gauris wêze; "Ik kin net!"
- Wa't neat ferlanget besit it measte.
- In hastich minske moat op in ezel ride!
- De minske is it oerwurk, de hoop wynt him op!
- Set in kikkert yn 'e stoel, Hy springt wer yn é poel!

Dizze seis ha ik doe foar mingd koar op muzyk set.

De première wie op freed 5 maart 2010 yn de Johannestsjerke fan Easthim tidens it Sjongfestival fan de Sjongfederaasje Wymbritseradiel. "Sjongersnocht" út Oudega mei Johan Bijhold efter de piano song doe Fiif Siswizen. It liet fan de ezel slagge doe noch net....Ek mei "Halleluja" út Bitgummole ha ik se ferskate kearen songen. De reaksjes wiene doe hiel ferrassend

Dernei komt der wer nij rippertoire op de lessenaar en gean de Siswizen de kast in.

Dan is it 2020 en sjongt Corona it heechste liet, myn wurk as dirigent komt stil te lizzen. Der klinkt gjin noat mear, oh wat wie it doe stil. Hoe lang duorret dit, frege elst him/har ôf.

Mar as komponist hie ik fansels yn ien kear in see fan tiid. Neist muzyk foar koaren en korpsen, woe ik ek foar oare besettingen skriuwe. Ien derfan wie; sololieten foar sang en piano. Sa kamen de Siswizen ek wer foar it ljocht, ik hie ommers noch mar seis brûkt....

Dat wer opnij lêze, welke sprutsen my oan en wer kin ik as komponist mei út de fuotten. It waard in samling fan 16 siswizen. Ik hie kontakt socht mei sjonger Ben Brunt, in bariton en mei pianist Saskia Zoet. Sy wiene tige te sprekken oer myn noaten en oefenen omraak.

Sa kaam Saskia mei it foarstel om de muzyk ôf te wikseljen mei in ferhalen ferteller. De namme fan Douwe Kootstra foel en dy woe wol. En dan kriget it hast de foarm fan in projekt. Kin ik dit alline noch oan. "Nee", sei ik tsjin mysels en ik socht kontakt met Annewiep Bloem en Guus Pieksma fan Mear mei muzyk. Fan it ien kaam it oare en úntstie de muzykfoarstelling 'In goed sin is de bêste pronk'. Snein 12 juni stiene alle seinen op grien, moai waar, 150 kaarten ferkocht, it gie oan.

Moarns fiif oere, de hoanne hie it heechste wurd, as in seremoanjemaster niemeester kúndige hy de útfieders oan.....en doe klonken de earste noaten.

Ik ha genoaten. As komponist 'bloosde' ik. Myn muzyk waard ien mei de natoer.
Bysûnder! Moai ek de reaksjes fan it publyk op ferskate lieten.
Douwe naam ús mei troch it libben fan de haadpersoan. Wy soene sizze, wat hat dy
man in swier en earmoedich libben hân, mar sels seach hy dat oars.
Hy koe net oars, socht it hegere...swalke op syn eigen manier troch de tiid.
Ienfâld yn alles. 'Wa neat ferlanget besit it measte'.

Magysk wie it plak fansels. De Tempelpleats yn Greonterp.
En dan te betinken dat Rypma der sels yn dy wrâld 'rûn en omgriemt' hat, as ik it
sa sizze mei.
Gerben Rypma kaam wer efkes ta libben. Twa kear fiif kertier, in sucht yn de
iwichheid, mar dochs.
Foar my waard dizze 12 juni, in dei mei in gouden rântsjje.
Moai dat je net altyd witte wer't it eindigt as je de earste noat delsette...

Dankewol,
Saskia en Sjoukje foar jim pianospel. Lêstich, bûtendoar spylje mar it slagge.
Ben joech de wurden fan Rypma waarmte.
Douwe brocht mei wurden Gerben wer ta libben.
Christiaan bliuw mei de rezjy ticht by de haadpersoan.
Al it oare wie yn goede hânnen by Annewiep en Guus.

Minsken, in foarstelling om nea te ferjitten. Bysûnder!
Gerben Rypma hat fêst glimke derboppe.

Feike van Tuinen
(juni 2022)